



### **TE GAST OP DE LEDEGEARKOMSTE SKRIUWERSBÛN: ARJEN VERSLOOT, HEECHLEARAAR FRYSK**

Op woansdei 19 april is prof. dr. Arjen Versloot te gast op de ledegearkomste fan it Skriuwersbûn. Yn de oanrin nei syn beneaming by de RUG wie der in protte publisiteit oer de ferfolging fan de fakatuere. Der drige in perioade sûnder heechlearaar te ûntstean. Ek it Skriuwersbûn hat ivere foar de oanstelling fan in belutsen en saakkundich nij boechbyld foar de Frisistyk. De aksjes hienen súkses. Der is wer in heechlearaar yn Grins. Wat is dat foar man, dy nij-beneamde Versloot?

In pear sitaten út de LC fan 9 febrewaris:

- “...Ik hâld fan myn fak en ik hâld fan de Fryske taal Ik fiel my beropsmjittich ferantwurdlik om dit gat (-by de RUG-) op te foljen”
- “Wat ik sjoch is wûnderbaarlike libbenskrêft fan it Frysk”
- “It bestean fan it Frysk draacht by oan it mienskiipsgefoel en it wolwêzen fan de ynwenners fan de provinsje. Lit ús dat fêsthâlde en koesterje”...

Tusken 19 en 19.30 oere starte wy mei in fraachpetear dat yngiet op boppesteande statements. En fansels sille wy it hawwe oer de kânsen fan it Frysk as kultuertaal en de rol fan skriuw(st)ers, dichteressen, dichters, oersetters en Frysk skriuwendende publisisten hjirby. Ús stelling is ommers dat wy by útstek de minsken binne dy't dy kultuertaal oerein hâlde. Wat is de betsjutting fan de Frisistyk foar de bodders dy't har, gruttendiels as leafdewurk, ynsette foar it skreaune Frysk? Neigeraden it fraachpetear foarderet komt der alle romte foar de oanwêzigen om mei Versloot fan gedachten te wikseljen.

**De gearkomste fynt plak yn Tresoar, Bûterhoeke 1 Ljouwert, yn de GysbertJapixc-seal. Ynklusyf broadsjes en in húshâldlik part starte wy om 18 oere. Alle belangstellenden binne op 19 april wolkom.**